



DE TREFFER

JIERGONG 54-1 OKTOBER 2023

De Treffer

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 54 nûmer 1

oktober 2023



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444

'Fêste' stikjesskriuwers; Aant, Habtamu en Kees.

Website en Twitter-redaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Helga Develing
Tryntsje Bouma
Henk Postma
Fakant
Syb Overal
Catharina Postma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

Heechhiem 1, 8734 GS Easterein
Gabbemastraat 21, 8701 EE Boalsert
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
't Bosk 34, 8731 BM Wommels
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Trijekeningenwei 3, 8831 ZT Winsum

tillefoan:

06-52628565
06-21467278
06-51679033
06-33030042
06-19033966
06-29892380
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadminstraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Fakant Foarsitter
Peter Geertsma Algemiën lid
Dirk de Jong Algemiën lid
Pieter Kamstra Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstrydsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Helga Develing
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.g. PR-kommisje

Bauke de Boer

Johan Postma & Allert Turksma
Willem Wijnia

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Wedstrydstipers SDS 1
Advertinsjes De Treffer

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrijtte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

| | | <u>Tillefoan:</u> |
|-----------------------|---|-------------------|
| Easterein: | Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein | |
| | K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein | 0515-332278 |
| Wommels: | Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels | 0515-332905 |
| | Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels | 0515-331615 |
| Itens/Hinnaard: | Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens | 0515-332457 |
| Reahûs/Turns/Hidaard: | Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs | 0515-332910 |
| Spannum: | Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum | 06-52282533 |
| Winsum: | Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum | 0517-341886 |
| Kûbaard: | Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels | 0515- 332649 |
| Oare plakken: | Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels | 0515-333295 |

Kontribúsje(per 1/4/2023) :

| | | |
|------------------------|--------|-------------|
| Senioren fjildfuotbal: | € 74,- | it healjier |
| Senioren sealfuotbal: | € 51,- | it healjier |
| Junioren O19 en O17: | € 57,- | it healjier |
| Junioren O15: | € 48,- | it healjier |
| Pupillen O13 en O11: | € 40,- | it healjier |
| Pupillen O9: | € 35,- | it healjier |
| Froulju 7x7 | € 27,- | it healjier |

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betref foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.
Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochttings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (06-29892380)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Catharina Postma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

Begjin desimber 2023

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan de Trefferredaksje

Hjir de earste Treffer fan it seizoen. Ik bin dan wol gjin foarsitter mear. De Treffer jou ik noch net út hannen.

Yn dizze Treffer hat Tryntsje in alderaadichst petear hân mei topfrijwilliger Klaas de Haan en binne der û.o. petearen mei ús WEK-klussers, topskiedsrjochter Friso Albada, âld-SDS'er Wytze Lanting en fansels de Look-a-likes, de âlde doaze, in kraammandsje, de fruitmandsjes, en it nijste doelpuntenklassemint.

Tongersdei 9 novimber hoopje wy elkenien op de SDS-ledengearkomst te sjen. Yn dizze Treffer de aginda.

Mar in soad lêswille tawinske!

Willem Wijnia



| SDS'er om útens: Wytze Lanting | De sportkoai | Klaas de Haan yn it sintsje |
|---|---|---|
|  |  |  |
| side 7 | side 12 | side 31 |

Ynhâld

| | |
|--|----|
| <i>Fan it bestjoer</i> | 5 |
| <i>Aginda SDS-ledengearkomst</i> | 6 |
| <i>SDS'er om útens; Wytze Lanting</i> | 7 |
| <i>Fan alles</i> | 10 |
| <i>In fruitmandsje bringe by Robert Sijbesma</i> | 11 |
| <i>De sportkoai</i> | 12 |
| <i>Eerst de bal</i> | 13 |
| <i>Hite nûtsjes</i> | 14 |
| <i>Friso nomineare foar Skiedsrjochter fan it jier</i> | 16 |
| <i>SDS-Klusers foar de WEK.....</i> | 19 |
| <i>Klaas de haan yn it sintsje.....</i> | 21 |
| <i>In kraammandsje bringe by Jelmer Posthumus</i> | 24 |
| <i>Persoanlik: Brend Toering.....</i> | 25 |
| <i>In fruitmandsje bringe by Frank Bervoets.....</i> | 27 |
| <i>SDS-Look-a-likes (39).....</i> | 28 |
| <i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS</i> | 29 |
| <i>Ut de âlde doaze</i> | 30 |
| <i>Doelpuntenmakers</i> | 31 |
| <i>Aginda.....</i> | 32 |

Fan it bestjoer

Ha goeie!

De zomer is voorbij, toch doet de mooie nazomer het zomergevoel nog even vasthouden. Maar de zomerstop is echt alweer een tijdje geleden. Alle elftallen zijn weer aan het ballen. Het ene team met wat meer succes dan het andere, maar er wordt al weken druk getraind en gespeeld. Zo aan het begin van de competitie ligt alles nog open. Iedereen kan nog kampioen worden, of topscorer, of (wo)man of the match. Iedereen wil het beste uit zichzelf halen. En dat is het mooie van teamsport: dat doe je met elkaar. Als je kampioen wordt, word je dat met je hele team. Je wordt geen topscorer als niemand je een voorzet geeft en geen (wo)man of the match als je geen teamplayer bent. Voetballen doe je samen, mei-inoar.



Zaterdag 23 september, ben ik op het sportterrein. Het voelt een beetje als de eerste schooldag van het jaar. Die dag voel je de spanning en verwachting in de lucht hangen. Nieuwe klas, nieuwe leerkracht. Die zaterdag schijnt de zon en beginnen de meeste teams aan de competitie. En kun je, zeker 's ochtends, die spanning en verwachting van een nieuw begin hier ook voelen. De velden zijn bezet met spelers van alle leeftijden. Er staan ouders en andere supporters langs de lijn. Een nieuwe start. Alles ligt weer open, alles is weer mogelijk. Ook voor mij is het een nieuw begin. En wat voelt het goed. Mei-inoar gaan we er wat van maken dit seizoen. In en buiten het veld. Zo is de selectie aangevuld met jonge spelers, heeft de JO17 nieuwe trainers en is er naast een dames- nu ook een herenteam 7x7. Verder starten we na de eerste thuiswedstrijd van het eerste elftal met muziek en is de SDS-League weer gestart, met maar liefst 70 deelnemers. Er is een leuk plan voor de nijjierssit. Er wordt gewerkt aan het pimpen van de bestuurskamer. De sportkooi begint al aardig vorm te krijgen. Allemaal mooie dingen, die we met elkaar doen. Samen, mei-inoar. Ik heb er zin in.

Helga

Aginda SDS-ledengearkomst

op tongersdei 9 novimber 2023

Jûns om 20.30 oere yn 'e kantine op Sportpark de Skoalleseize.



Foarearste wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op de notulen en it jierferslach **
4. Ferslach fan de sponsorkommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen begrúting
7. Ferslach kaskommisje en beneamen nij kommisjelid

SKOFT

8. Bestjoersferkiezing:

Oftredend en op 'e nij te beneamen: **Technyske Saken Senioaren:**

Jaap Toering

Oftredend en op 'e nij te beneamen: **Sekretaris:**

Tryntsje Kooistra – Bouma

9. Skoalleseize

10. Rûnfraach

11. Slúting

** It ferslach fan de foarige ledengearkomste en it jierferslach kinne jimme opfreesje fia sekretaris@vv-sds.nl

Sterk Door Samenspel; dus oant sjen op tongersdei 9 novimber!

It bestjoer fan SDS

SDS'er om útiens; Wytze Lanting

Wytze Lanting fuotballe jierren by SDS, mar ynmiddels is hy al wer in pear jier fuort. Hy hat noch in skoftke by Scharnegoutum 1 balle, mar dêr wie hy ek stoppe. Dochs sjogge wy syn namme wer stean op de webside fan vv Scharnegoutum. No is hy krekt werom fan fakansje út Jordanië en kinne wy him efkes oan de pols fiele. Wy binne wol benijd wêr as hy no is en wat hy sa al docht.



Hoe is it mei dy?

Mei myi giet alles goed! Krekt in prachtige fakânsje hân yn Jordanië en op bysûndere plakken west.

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Ik wenje sûnt in pear jier mei myn freondinne yn Ljouwert en sûnt dit jier wurkje ik by de BSO yn Burgum.

Wy seagen dy wer stean op de webside fan Scharnegoutum by de A-seleksje. Fuotballest do dêr wer?

Ja sûnt dit seizoen bin ik wêr begûn mei fuotbal yn it earste. Om't ik dêrfoar yn de jeugdsoarch wurke en ferplicht ien kear yn de 2 wiken yn it wykein moast wurkje bin ik stoppe by it vlaggenschip. Om't ik no wer regelmjittich wurk ha kin ik wer fuotbalje by it earste team.

Yn de oefenwedstriid tusken SDS 1 en Scharnegoutum 1 ferline wike diesto dochs net mei?

Kloppet. Spitich genôch koe ik net meidwaan. Ik haw lêst fan in skuorke yn myn hamstring.

Der nea wer oan tocht om wer by SDS te baljen?

Ik haw noch wol kontakt hân mei in spiler fan SDS dy't my freege of ik ek werom komme woe by SDS. Fanwege myn wrâldsreis, ferline jier, haw ik doe besletten om net by SDS fuotbaljen te gear.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

Ik haw in prachtige tiid hân by SDS en sjoch foaral posityf werom op de tiid yn de jeugd. Dat is in moaie tiid omdasto dan mei dyn freonen fuotballest.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

Yn it earste wie dit foar my in wedstryd tsjin QVC, doe makke ik 2 frije trappen yn ien helte. Nei de wedstryd waard ik útroppen ta man fan de wedstryd. Yn de

jeugd wie dit foar my mei de D1 wêrmei wy twa kear kampioen binnen wurden.

Binne der ek djiptepunten west?

Dat wie de degradaasje út de 2^e klasse wêrnei SDS spitigernôch ek nea werom kommen is yn de 2^e klasse.

Hast by vv Scharnegoutum ek hichtepunten hân?

Yn it seizoen 2018-2019 waarden wy kampioen by Scharnegoutum. It moaiste wie dat wy it hiele seizoen krekt net boppe oan stiene mar de lêste wedstryd wûnen wy fan de nûmer 1. Wy waarden doe kampioen fan de 4e klasse. It seizoen dêrnei promovearden wy hast nei de 2e klasse mar dat slagge spitigernôch krekt net.

Folgest SDS noch wat?

Ik sjoch eltse sneon wol efkes wat de útslach is fan SDS mar kom allinne nea mear op it sportcomplex fan Easterein om't ik no sels ek wer fuotbal.

Wy binne de archiven efkes yndoken om in moaie teamfoto te fienen wêr asto op stiest. Dizze is it wurden. SDS C1 2004-2005? Kloppet dat?

Herkensto se allegear noch?

Ja wis herken ik elkenien noch van dit team. Dit binne se:



Steand: lieder Tamme de Boer, Andries Brinksma, Ewout de Boer, Jelte-Pieter Dijkstra, Johan Postma, Wouter Plantinga, Jort Strikwerda, Ludze Holtrop en lieder Klaas Pompstra.

Op hurken: Doede Kooistra, Freek Tichelman, Jacob van Wieren, Remco Piek, Wytze Lanting en Jarco Pompstra.

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

Ik sjoch nei SDS noch altiten as in prachtige klup wêr ik ek altiten mei in soad wille fuotballe haw.

Hast ek noch kontakten mei (âld)SDS'ers?

Ik ha noch altyd kontakt mei myn fêste freonengroep en fan dizze groep is Arjen Los de iennige dy noch by SDS fuotballet.

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

Jacob van Wieren. Robert Sijbesma. Freek Tichelman.

Wytze Lanting. Tsjipke Klaas Okkema.

Mark Postma.

Harm Stremler. Floris Hiemstra. Erik Haitsma. Ewout de Boer.

Jaap Toering.

Trainer coach: Remco Bervoets.

Sjogge wy dy ynkoarten ek wer ris efkes del kommen by SDS?

Wannear der tiid is kom ik efkes lâns bij SDS. Hoopje folgjend seizoen wer mei Scharnegoutum tsjin SDS te fuotbaljen.

Dat liket ús alderaardichst, mar dan wol yn de 3^e-Klasse.

Wytze, tige by tige!

(WW)

Op sneon 16 maart 2014 woenen de pupillen fan de wike Sije van der Schaar en Thomas-Oane Nijdam op de foto mei Wytze Lanting en Elger Turksma.



Nije SDS-sjaals te keap

Der binne nije SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,50 per stik. Ideaal foar fant winter en moai om te jaan op de jierdei. Of miskien is it wat foar Sinteklaas. Se binne te krijen yn de bestjoerskeamer.



EHBO-ers gezocht!

Soms gebeurt er iets, waarbij iemand hulp moet verlenen. Zeker op een sportveld kan dat voorkomen. Daarom willen we graag weten:

- Wie heeft een EHBO diploma?
- Wie zou een EHBO training willen volgen?

Opgeven info@vv-sds.nl



Wim Kieft yn it Dielshûs

Earder dit jier stie Johan Derksen yn it Dielshûs mei sidekick Eddy van der Ley. Sneon 9 desimber sil syn maat Wim Kieft yn it Dielshûs komme. Wim Kieft fuotballe by Ajax, Pisa, Torino, Bordeaux en PSV. Hy is noch wol gauris op de tillevysje te sjen by Wilferd Genee en Johan Derksen oan tafel. Wim Kieft wie yn it ferline in spits dy't in soad goals makke. Syn bekendste goal is de winnende goal tsjin Ierlân op it EK fan 1988. Wim Kieft kampte letter mei in drugsferslaving.

De foarferkeap is al los by de DA-Fizel en it Snackhûs



In fruitmandsje bringe by Robert Sijbesma

By SDS 4 dartele Robert Sijbesma de earste wedstriid frolijk en fit oer it fjild en makke ek nei de wedstriid in fitte yndruk. Dochs miste hy in wike letter de twadde wedstriid en ek de tredde en de fjirde liet hy oan him foarby gear. Wy binne benijd wat der oan de hân is.



Wêr hast lêst fan?

Fan de ankel.

Yn prinsipe haw ik net folle lêst omdat de senuwen dôf binne.

Mei djoer wurden haw ik 'druk neuropathie peroneus'.

Hoe hast dat sa krigen?

Der is op myn wurk in heftruck fan efter op myn foet riden

Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ja ,dat wist ik gelyk!

It fielde toen krekt as ik hiel slim troch myn ankel gong en dêr bin ik wol aardich oan wend, want dat haw ik wol gauris hân.

Hoe no fierder?

Foaral no earst rêst. It focht moat earst út de foet en dan kin de senuwen pas wer herstellen.

Mei elkoar moat it nei in heal jier wol wer hielendal hersteld wêze.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoop dat ik oer in moanne wer tsjin in bal oanskoppe kin.

Robert, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

(WW)

Panna.....eeuh sportkoai

Sa 't jim wol sjoen hawwe is de pannakoai op sportpark de Skoalleseize hast klear. Wy freegje Syb Overal hoe no fierder.



Is de pannakoai hast klear?

Earst nog in lytse korreksje, it is in sportkoai ☺.

Want neist fuotbalje kinne je der ek yn follyballe, tennisje, badmintonne en voetfollyballe. Dit kin om't der ek in net by sit mei ferskillende ophingpunten

It sjit al moai op, se begjinne tongersdei 19 oktober it hekwurk te plaatsen.

Dat sil dan op moandei 23 oktober ôfronden wurde. En op sneon 21 oktober sille de straters los.

Kin dy dan lyk brûkt wurde?

Ja, op tiisdei 24 oktober kin der dan yn gebrûk naam wurde. Dat is dan net sa gek mei de hjerstfakansje.

Wurd de sportkoai noch offisjeel iepene?

Dat is wol it doel, mar dan wol as der hielendal klear is.

En dat sil ergens yn maaie wurde. De reden dêr fan is dat de coating dy't noch op de beton moat om dizze tiid fan it jier net oanbrocht wurde kin.

Kin de sportkoai dei en nacht brûkt wurde?

Yn prinsipe wolle wy dat de sportkoai altiten tagongkelij is.

Mocht der troch omstannichheden blike dat it better is dat der wol in tiid oan ferbûn wurde moat dan sille wy dat besjen en ek fermelden op it reglemintenboerd dat oan de sportkoai komt te hingjen.

Hoe binne jim oan it jild kommen foar de pannakoai?

Dat is gruttendiels troch subsidies bijelkoar brocht, tink dan oan it lepen Mienskiips funs, BIOR, Vitaliteitsfonds en de BOSA. En een bijdrage troch de OVWE en natuerlijk de eigen acties sa as de sponsorrin en de flessenaksje.

Mei wa hawwe jim dizze pannakoai foarelkoar krigen?

Sa'n twa jier werom hawwe wy de sportkoai-kommisje oprjochten mei Jacob Sjirk Joustra, Vera de Vries, Robert Hoekstra en ik dus.

Tige by tige!

Wat sil de jeugd daliks in soad wille hawwe fan de sportkoai.

Wat machtich dat sy dan altiten balje kinne.

(WW)

Eerst de bal

De Tiid is it ynformaasje-sintrum fan de gemeente Súdwest Fryslân. In museum, in biblioteek en it argyf fan ús regio, it is allegear te finen yn it eardere stedhûs yn Boalsert.

Sa no en dan binne der ek lêzingen. Meast op freedtejûn.

Argivaris is Jack de Vries en dy is ek bot ynteressearre yn fuotbal. Dy twa dingen kombinearre hij op tongersdeitejûn 12 oktober troch in lêzing "Earst de bal" te hâlden oer it fuotbal yn de Súdwesthoeke.

Der kamen in man as 20 op ôf en it wie in prachtige jûn fol mei ferhalen, anekdoates mei heale en hiele herinneringen.

Mei foto's en filmkes liet hij sjen hokker suksesfolle spilers út ús gemeente kamen, hokker suksessen klups helle ha en hoe en wannear klups ûntstien, opdûkt en wer op nij ûntstien binne.

Tige nijsgjirrich omdat hij alle klups fan de súdwesthoeke trochnaam. It wie ynteraktyf en sa koene de oanwêzigen oanfollingen dwaan en harren eigen anekdoates ek fertelle.

Sa koe Loet Boot, de no ek wer beskieden trainer fertelle hoe't hij it Nederlânsk amateur kampioenskip mei Hubert Sneek as spiler belibbe hat yn 1973.

Sa wiene der lju fan LSC, ien fan de âldste klups yn Fryslân, fan Sneek WitZwart, fan Heeg, fan QVC, fan HJSC, fan Arum en fan SDS. Fansels wiene der ek in oantal Boalserters.

Der wiene wat âlde filmkes fan LSC en moaie ferhalen oer dy klup.

Oan de ein naam Jack de Vries alle klups yn de regio noch efkes troch. Hoe't se ûntstien binne en wannear.

Ik hoop fan herte dat Jack de Vries dizze lêzing noch in kear docht foar dyjinge dy't der net west hat en wol ynteresse hat foar it amateurfuotbal.

Want dizze opset levert prachtige anekdoates op.

Persoonlik fyn ik de ûntwikkeling yn Boalsert hiel nijsgjirrich. Fan ien klup nei twa, nei trije, nei twa, hast nei ien, en wer nei twa. Foaral mei de efterlizzende redenen derbij.

Foar Okke van der Kamp, dy't er ek wie, wie it spitich dat Oudega net yn it rychje fan klups foarkaam. Mar dat hat er sels goed makke mei syn ferhaal.

Meinte Wesselius, eks Bolswardia, no SDS en ik hiene in machtich moaie jûn, dy't hast langer duorre as trije helten. Hâld de aginda fan de Tiid yn de gaten foar dizze (?) of oare lêzingen.



Aant

Hite nûtsjes

It wol noch net sa flotte mei ús favorite klups.... SDS hat sels noch mar 0 punten. Hoe komt dit fierder? Op nei de 4^e-Klasse?

It seizoen is noch lang en noch net wei. Mar punten binne tige wolkom. Wat my oanbelanget geane wy foar de ketsjupflesfariant.



Wat is dat?

Je probearje earst hiel hurd om punten te krijen, mar it slagget net en dan yn ien kear komt it yn ien kear mei bulten. Lykas mei in ketsjupflesse. Dan gean ik der fanút dat wy mei de winterstop moai yn de middenmoat stean.

Gert-Jan Hiemstra hat yn de kompetysje keeps foar SDS 1 om't Mark Klijsma noch blesseard wie. Do bist noch krekt wat jonger. Ik sjoch noch wol mooglikheden foar dy om ûnder de latte te kommen. Hast de wanten noch klear lizzen?

De ovenwanten lizze elke dei klear! Mar de utdaging is dat ik wol nei de grûn kin, mar dêrnei hast net mear omheech kom...

By SDS hawwe wy no in team 7 tsjin 7 by de froulju en ek by de manlju. Is soks net wat foar dy? Moai efkes op freedtejûn balje ien kear yn de 3 wiken.

Miskien wol. Wurde we dan helle en brocht en helpen mei oanklaaien ensa? De jierren begjinne fansels al aardich te tellen.

Wa tinkst? Wa leit der earst út tinkst? Van Wonderen of Steijn?

Steijn. Alles, mar dan ek alles sit tsjin. Nei dizze wike nei de wedstriden tsjin Brighton en PSV sil der mear dúdlik wurde oer syn posysje. As ik him wie soe ik sa no en dan sels in bekerke it fjild opsmite. Of miskien wurdt it tiid om sels de skûlk yn de ring te smiten.

Hoe tinkst oer de kansen op oerwinterjen yn Europa foar Feyenoord, PSV, Ajax en Twente?

Neffens my lizze der foar al dy klups wol kânsen, mar liket it my foaral foar Ajax wichtich dat sy harren folledich op de kompetysje yn Nederlân rjochtjisen gean. Net allinnich Ajax stiet 17^e yn de Eredivisie ek Jong-Ajax stiet 17^e yn de Earste Divisie.....

Folgend jier it EK yn Dútslân. Hast al kaartsjes?

Noch net, mar it liket my al moai om te gean. Ik sjoch in werhelling fan 1988

wol sitten! Mei Brobbey yn de rol fan Van Basten.
Ik haw ek wol fertrouwen yn de seleksje fan Koeman. Moai dat hy de lêste kear (mei troch blessures fansels) safolle jonges harren debút meitsje litten hat. Der sit rek yn.

Smysto noch wolris in bekerke op it fjild?

Nee. Nea dien ek. Je moatte der toch net oan tinke om fuotbal te sjen mei in net foar je bakkes?

Dochs wol moai om te hearen dat der it ôfrûne seizoen minder geweld yn de stadions wie as it seizoen der foar. Giet it dan dochs de goeie kant op?

Dit fyn ik in yngewikkelde fraach. Wat foar kranten lêsto? Minder geweld? Hoefolle geweld wie der yn de seizoenen hjir foar dan wol net? Der is noch in soad te winnen yn en om de stadions. Fuotbalploegen kinne dan op it stuit hiel goed psychologen brûke, mar in soad heale soalen op de tribunes fêst noch folle better.

Bisto ek sa wiis mei de sportkoaien yn Wommels en Easterein?

Dat is in geweldich moaie ûntwikkeling. Hulde foar de minsken dy't harren hjir foar ynsetten haw. Ik bin al benijd as je yn sa'n sportkoai ek apekoai dwaan kinne.

No hat SDS 2 klussers foar harren dwaande dy 't yn Wommels foar de WEK wenningen ferduorsamje en sa jild foar SDS fertsjinje.

Do likest my ek sa 'n klusser.

Is dat net wat foar dy?

As der radiatorfoly efter de kachel moat dan wol ik dy kachel der wol foar wei slope. Dan gean ik dêrnei wol op de bank sitten mei wat hite nûtsjes en meie Robin en Jesse it radiatorfoly plakke en de kachel werompleatse. No al nocht yn!

SDS-paraplu

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde. Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl.

Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



Friso nomineare foar Skiedsrjochter fan it jier

Friso Albada hat jierren by SDS fuotballe en fluitet no al sa'n 20 jier. De earste jierren die hy dat by SDS, mar de lêste jierren docht hy dat yn de 4^e- en 5^e-Klasse KNVB. Dit jier is hy nomineare foar skiedsrjochter fan it jier. Wy sochten him op.



Hoefolle jierren fluitesto no al?

Dat sil sa'n 20 jier weze. Ik bin al betiid begûn en in protte yn de jeugd fluite, dus it is eins al langer.

Hast altiten skiedsrjochter wurde wollen?

Nee, beslist net. Ik fûn skiedsrjochterjen ferskriklik om te dwaan. Hie ek mar in bytsje respekt foar dizze minsken. Mar op in goed momint moast ik sels fluitsje omdat Wouter Hijlkema en ik as lieder fan it 3de gjin liedsman fine koenen. Dus út need berne.

Hoe gie dyn karriêre as skiedsrjochter?

Neidat ik stoppe wie as fuotballer yn it 5de, it wie in jier fol mei blessures, bin ik begûn as fêste skieds foar it 3de en de C2. Andre Vink organisearde dat doe en mei Jelle de Boer gienen wy op kursus bij de KNVB. Moaie training en tiid hân by VVI yn Jiskenhuzen. Yn 2010 bin ik doe by de KNVB begûn. Spitich genôch troch in ernstige ankelblessuere yn 2013 bin ik stopt en bin ik begelieder wurden by de KNVB fan begjinnende skiedsrjochters. Dat haw ik 4 jier dien, mar doe begûn it wer te prikkeljen. Earst 1 jier wer by SDS fluite en doe wer nei de KNVB wer ik no noch fluitsje. Sa no en dan ris by SDS as de need oan de man is.

Danny Koevermans (âld-Sparta, AZ en PSV) is nei syn fuotbalcarriêre ek skiedsrjochter wurde en dit foldocht him peorbêst.

Soesto it oare (âld)fuotballers ek oanriede om skiedsrjochter te wurden?

Net elkenien sil der geskikt foar wêze. Mar as ik sommige spilers kommentaar jaan hear, en dat is soms best aardich, dan kin ik die wol oanriede om dit te dwaan. Belangrykste is dast der wille yn hast. Giest my pine yn de bealch nei it fjild, dan hoechst der net oan te begjinnen.

Sels wiest as fuotballer net altiten like makkelijk foar de skiedsrjochter.

Herkenst dat no ek wolris by oare fuotballers?

Oh ja, ik sjoch direkt wa dat binne. Der ha ik in each foar. Mar yndied, ik wie in spiler die winne woe en alles wie deryn tastien. Beslist net maklik, mar dat komt no goed fan pas.

Wat foar kategory fluitest no it leafst? Jeugd, senioaren of froulju?

Senioaren it leafst. Der is neat mis mei jeugd of froulju, mar de útdaging is der minder.

En fluitest wolris by de froulju? Is dat ek oars?

Net in protte. In myn pakket sitte Haad- en 1e Klasse froulju, mar dy krije ik selden tawezzen. Ik haw ûngefear 10 jier lyn in heale of kwartfinale fan de froulju beker fluite. ONS tsjin Hearrenfean. Akke–Rixt die der mei by ONS en wie doe oanfierder en ien fan de bettere spylsters. Dat nivo wie hiel heech. Ik hie der klauwen oan. Mar froulju binne ûnderling best wol hurd foar elkoar, mar tsjin de skieds falt dat ta.

Wat is dyn favorite skiedsrjochter?

Ik tink in ynkopper, dus Nijhuis in Nederlân. Fuotbalje litte en je der net mei bemoeie en de kaarten op de bûse hâlde, dat fyn ik moai. Fjirder de foardiel regel sa folle en lang mooglik tapasse. Moast der allinne wêze en dy der net mei bemoeie. Yn Ingelân bin ik grut ‘fan’ fan Mike Dean en Martin Atkinson. Se fluitsje beide net mear, mar Mike Dean syn humor is prachtich. Martin Atkinson is in ûnsichtbere skieds, hast net troch dat hy fluitet. Yn Europa hat Atkinson trouens wolris ferskriklike wedstriden fluite omdat hy sa ûnsichtber wie, dat rûn dan freeslik út de hân. Eins koe hy allinnich yn Ingelân fluitsje.

Do giest wol gauris nei Ingelân nei it fuotbaljen. Binne de skiedsrjochters dêr no ek oars as hjir?

Yn de Premier League is it as hjir, Pietje presys is de noarm. Dernei fan ôf de Championship, League 1 & 2 en leger giet it der boppe op. Kinst dan as skieds net safolle en sjocht se dan ik mei gean yn it tempo en de hurdhied. Prachtich.



Wat binne dyn sterke punten as skiedsrjochter?

De foardielrigel tapasse en mar in bytsje kaarten útdiele. Dat lêste wurd net as sterk punt sjoen troch de bond. Mar dat seit my neat.

Hast ek swakke punten?

Foaral fysyk lit it te winskjen oer en ik lit my noch wolris gean yn in diskusje. Moast dus nea oan begjinne, want sa'n spiler komt der altyd op werom. Dan bist eins ferlern en oan it ein ta hast it dreech. Mar ja, soms bard dat en ik bin ek gjin robot.

Wolst ek noch hegerop as skiedsrjochter?

Nee, ik bin hast 54 dus dat kin allinne derom al net. De

KNVB jout de jeugd de kâns en der stean ik beslist efter. Mar ik fyn it prima sa. We fluitsje mei plezier en sjoen de reaksjes giet it noch best gút.

Wat is dyn moaiste wedstriid oant no ta?

Poeh, ik ha mar in pear negatyf ûnderfinings. Dus alles fyn ik moai en meastens gean ik mei in goet gefoel nei hús ta. Yn 2011, en ik sil gjin namen nimme, ha ik ris 22 spielers en begelieders oan it fjochtsjen hân op it fjild. De oanlieding wie folstrekt undúdlik, mar it wiene twa buordoarpen. Ik ha mar ôfwachte doe se útslein wiene. Doe ha ik de oanfierders, de trainers/leiders en bestjoersleden oansprutsen. Ik ha se doe ferlein dat ik 2 dingen dwaan koe. In rapport skriuwe mei alle negatyf nijs die dat meibringt. Of it restant no útspylje sûnder dat der noch 1 oertrêding makke wurde en wer de 2 spielers die begûnen in kaart krije. Nei de wedstriid sitte beide clubs gebroederlik yn de kantine te sûpen en ik wie ik de man fan de wedstriid neffens de hiele kantine. Mar ik hie it wol hân der en ik fluitsje dêr nea wer.

Wat is it moaiste sportkompleks wêr asto as skieds west hast?

Ik mei graach yn de Wâlden fluitsje. Komt wierskynlik omdat myn mem der wei komt. Minsken binnen earlik mei har praat, mar oh sa genipich. Yn de Wâlden binne de fjilden fan Suwâld, Sumar, VIOD en VCR skitterend. Mar yn de Súdwesthoek mei ik ek graach nei Arum, Bakhúzen of NOK. SDS is no hiel moai, mar froeger ek mei it lytse fjild en kompleks sûnder kantine. Dat wie kult en we fielden dat ek dat we oars en apart wiene en ek sa besjoen waarden. Stêdsklups hiene in hekel om nei Easterein te gean. As je dat dan fan klassegenoaten hearden, dan wiene je der grutsk op dat je oars of unyk wienen.

Hoe lang bist noch fan doel om te fluitsjen?

Ik gean sa lang troch as de fysiek it ta lit.

Makkest kâns om skiedsrjochter fan it jier te wurden tinkst?

Ik tink it net, mar meidwaan is wichtiger as winne. It is aardich dat ik opjûn bin. We sjoch it wol.

In hiel soad súkses tawinske!

Op <https://www.scheidsrechtervanhetjaar.nl/> kinne jim op Friso Albada stimme. (WW)

Scheidsrechter van het jaar

WOMMELS – Amateurscheidsrechters kunnen wel een blijk van waardering gebruiken. Met dat doel organiseren de KNVB en de ARAG samen elk jaar de Amateurscheidsrechter van het Jaarverkiezing. De stemfase begon afgelopen week, in de Week van de Scheidsrechter. Dit jaar is een inwoner van de Greidhoeke een van de genomineerden.

Friso Albarda is de enige kandidaat uit de Greidhoeke. Hij begon zo'n 20 jaar geleden als amateurscheidsrechter bij VV SDS in Easterein. Al snel bleek hij een talent en werd hij KNVB scheidsrechter in de 4e en 5e klasse. Af en toe is hij nog, mét fluit, in Easterein op het veld te vinden.

Genomineerde scheidsrechters dragen actief uit dat zij fairplay op het voetbalveld hoog in het vaandel hebben staan. Stemmen kan op de website www.Scheidsrechter-VanHetJaar.nl.

Op 6 januari, de Dag van de Fairplay, wordt de winnaar bekendgemaakt.

SDS-Klusers foar de WEK

It WEK (Wommelser Energzy Koöperaasje) hat SDS in skoftke lyn frege as wy as SDS meidwaan wolle oan de aksje Energysúnich Wommels.

De aksje is opset troch de energiecoaches fan de WEK yn gearwurking mei Doarpsbelang Wommels en Elkien. Mear ynformaasje oer de aksje is te finen op de site fan de WEK, wekwommels.nl.



Op it foarwurk dat dien is binne der sa'n 120 oanfragen fan ynwenners fan Wommels kommen foar it oanbringen fan lytse energybesparjende maatregels. De energiecoaches fan de WEK soargje foar in ynvintarisasje fan it nedige materiaal en foar de bestelling. Dêrnei komme de frijwilligers yn byld, dy't yn twatallen de materialen lykas tochtstrips, radiatorfoly en brievebusboardstels oanbringe sille.

Per adres smyt dat € 50 ,-op foar de ferieniging.

Dat like SDS dus wol wat!

Ommers net elk lid of âlder fan ús feriening kin SDS stypje troch bygelyks training te jaan, mar is miskien wol handich mei oare dingen. Dêrneist kin dit op eigen tiden. Machtich moai dat Robin van der Weg en Jesse van der Weide dizze wurkwanten foar SDS oppakt hawwe en oan de slach gien binne.

Wy heare efkes wat sy sa al dwaan moasten. Miskien levert dit noch mear enthousiaste wurklju op.

Jim hawwe jim earste kluskes hân. Wat moasten jim sa al dwaan?

By de measte wenningen drinke wy earst in oere kofje en fertelle wy sterke ferhalen oer SDS en klusputsjes om sa it fertrouwen fan de bewenners te winnen. Ferfolgens sjogge wy yn oerlis mei de bewenners wat der allegear barre moat yn de wenning. Wy kinne ferskeidene dingen dwaan, sa as radiatorfoly oanbringe, siigstrips op de doar skroeve, brievebusboardstels oanbringe, brûskoppen ferfange en gean sa mar troch.

Is it in protte wurk?

Wy binne in dik oere per wenning oan it klussen. It sprekt allegear wol foar sich. Wat wol in in grut foardiel is dat Jesse twa rjochter hannen hat, dit ter kompensaaasje fan syn twa linker fuotten...

Jim binne ek by âld-molkboer Ruiter west. Hoe wie it mei him?

Wy krigen in waarm wolkom by de âld-molkboer! De kofje en de koeke stienen al klear. It gong nei omstandigheden goed mei Ruiter. Hy woe alles witte fan it fuotbaljen yn Easterein. In fraag dy't ús noch by blean is: Is Robin van der Weg nog altiten topskoarder eigen goals aller tiden fan SDS? It gespreksûnderwerp waard nei dizze fraach mar wer gau feroare. We moasten ommers ek mar wer wat dwaan....

Soenen jim it oaren ek oanriede om foar SDS te klussen?

Wy soenen it seker oanriede! It is moai dat minsken fia dizze aksje holpen wurde kinne om harren wenning better te isoleren, ek is it moai foar SDS omdat it per wenning 50 euries opsmyt. Fierder hawwe wy in protte wille en is it moai om te sjen dat de minsken tankber binne.

Tige by tige!

Super dat jim dit sa oppakt hawwe.

Ik krij suver ek nocht om te klussen.

Asto hjir no enthousiast fan wurden bist en do wolst ek wol wat kluskes dwaan dan kinst kontakt opnimme mei ien fan it bestjoer fan SDS of in mailsje stjoere nei info@vv-sds.nl.

Alfêst tige by tige!



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

Yn it sintsje

Hy is by SDS net wei te tinken. Foarich seizoen hat hy it beslút naam te stopjen mei flagjen by SDS2. Hy is dit jier 70 jier wurden. Noch altyd is hy belutsen by SDS. Hoe en wannear is dit begûn en wat makket dat wy noch hieltyd sa'n trouwe frijwilliger hawwe? Wy giene yn petear mei...



Klaas de Haan

Hoe en wannear rekkesto belutsen by SDS?

'Dat wie yn 1983, dat kaam troch Roel Sybesma. Hy fuotballe by SDS en hat my frege syn team by te stean. Wy wiene goeie maten fan elkoar. Sels fuotballe ik net, ik wist der earlik sein ek net in protte fan. Mar wy seagen altyd wol nei fuotbal. En doe't soan Feite ek op fuotbal gie en de fraach fan Roel kaam, seach ik dat wol sitten.

Hoe wie dan dat 1^e jier?

Tja, ik wist doe noch net folle. Ik wit noch wol dat Tjipke Okkema my doe frege: 'Wat is dyn taktyk?' Ik hie gjin idee... mar al doende leart men. De mannen hawwe my holpen en dat hawwe se eins alle seizoenen dien. Wy wiene allegear wat fan deselde leeftyd, dus we hiene ek deselde ynteresses en we fielden elkoar goed oan. Sy namen wat fan my oan en ik fan hun. Wy binne yn seizoen '86/'87 kampioen wurden yn'e Reserve 1^e Klasse A. Neffens my bin wy it jier dêrop lyk wer degradearre...

Nei in skoft by it 2^e ha ik ek lieder west by de jeugd, tegearre mei Roel haw ik in skoft de A's dien. Ik haw fan him in soad leard. Dêrnei in tiid mei Marco Hoekstra en letter ek noch allinne.

De B's en C's haw ek ûnder myn lieding west. Der wie in jier by de C1 wêr't Klaas Okkema, ien fan de bêste fuotballers yn myn eagen, my frege om trainer te wurden en hy waard doe lieder. Dat hawwe wy doe ien seizoen sa draaid en dat fûn ik wol bysûnder.'

Salang lieder west, dus kinst no antwurd op de fraach jaan – Wat is dyn taktyk eins?

'Ik wit net as it in taktyk wie, mar mooglik wol myn krêft: ik liet elkenien fuotbalje. Al bin je noch sa min, elts krijt in kâns. Ik haw ek altyd wurdearring field by de jeugd en by de senioaren.' *Akke fult oan:* 'se namen it fan dy oan.'

Kinst in hichtepunt(en) neame yn dyn tiid as lieder by SDS?

'Der wiene moaie seizoenen by doe't Henk Búning trainer wie. Wy koene goed mei elkoar opsjitte. Mei Tinus Hoekstra en al ús froulju klikte it ek goed, dat wiene gesellige tiden.

En doe't Wichard Deinum by SDS kaam te fuotbaljen, kaam hy by it 2^e. Dêr bloeide hy hielendal op.' Wichard jout wol oan dat hy troch Klaas de kâns krigen hat om by it 1^e te fuotbaljen.

'In oar hichtepunt hat eins hielendal neat mei fuotbal te krijen, mar dat wie it goeie kontakt. Sa wit ik noch in jier by de A's, dat Sybren Wesselius en lds de Boer frege as wy mei hun meigiene nei in konsert fan 'Muse'. Fansels hiene se dan ek in rider... mar dochs, wy ha in prachtige jûn hân!



SDS 2 1986-1987:

Boppe: Ien fan sponser Schraa Telecom, Nico Kooistra, Christiaan Bergstra, Bertus Bosma, Tjeerd Dijkstra, Jacob Plantinga, Durk-Pieter Kroondijk, Klaas Abma en lieder Klaas de Haan.

Op hurken: Klaas van der Weg, Peter Kusters, Jan van Asselt, Ferry Duipmans, Harm Gerbrandy en Roel Sybesma.

Wiene der ek djiptepunten?

'Ik ha ien kear in reade kaart krigen as lieder... doe sloegen de stoppen efkes troch. Ik wit it noch, it wie in jûnswedstryd by Zeerobben en ik hie it dy dei drok op it wurk. Myn geduld wie op en ik krige rúzje mei de skeids. Ik moast it fjild ôf, doe sei ik: '*dan elkenien it fjild ôf*'. Doe't wy yn'e klaaikeamer wiene hat Hiltsje Postma oanjûn '*dit dogge we sa net, wy fuotbalje fierder en Klaas bliuwt mar efkes ôfkuoljen yn'e klaaikeamer*.' Fansels haw ik it letter wol wer útpraten mei de skeids.

Dyn soan Feite is ek noch altyd aktyf by SDS, hat dat dyn ynset by SDS ek be-ynfloede?

'Ik haw ien jier lieder west by Feite syn team, dêrnei net wer. Doe't Feite yn it 2e kaam, bin ik begûn as grinsrjochter. Dat ha ik mear as 10 jier dien. Feite stie altyd efteryn en dat klikte wol. Ik koachte him en it team net hear, dat die ik net tidens de wedstryd. Efterôf bepraat je wol situaasjes.'

As tank hat Klaas in moai byldsje fan in fuotballer krigen wêrop stiet 'Rots in de branding'. Klaas jout oan dat hy ek om de lytse dingen tocht (en tinkt). Fuotballers koenen altyd op him weromfalle. Mei de lytse dingen bedoelt hy bygelyks de 'fergetten' sjurts. Syn frou Akke waske de shirts fan SDS 2 al sûnt Klaas lieder wurden is. Doe't de sjurts noch fan katoen wiene, wie dat altyd in flinke klus.

Noch altyd bin jim net út de shirts...

'Nee, ik behear de klean fan alle fuotballers fan SDS en probearje der foar te soarchjen dat de teams hun spul op oarde ha. Dat is somtiden wol lêstich. Fuotballers koenen somtiden wol wat suniger wêze mei de spullen dy't se yn brûklien hawwe.'

Genôch te besprekken oer Klaas syn tiid by SDS. Hy jout al oan, ik kin noch wol folle mear nammen neame wêr ik wat mei ha, mar dan bliuwe wy dwaande. We slúte it gesprek ôf, mar foardat ik gean noch efkes in blik op'e klok. Klaas en Akke ha him wûn op in feilingsjûn foar it keunstgêrsfjild, makke troch Harm Stremler. It is in **SDS-klok**, dy't pronket yn'e wenkeamer.

Klaas, tige tank foar dyn ynset by SDS. Al mear as 40 jier (!) en noch hieltyd bist aktyf. SDS is wiis mei sa'n frijwilliger.
(TB)

Rabo-ClubSupport

De aksje fan RaboClubSupport levert SDS gjin wynaaien op. Tige by tige!



Foarsitter Helga Develing nimt de sjek yn ûntfangst fan Rabo-meiwurker Pep de Boer.

In kraammandsje bringe by Jelmer Posthumus

Jelmer Posthumus (SDS 1) en Sietske Faber hawwe 25 july in lytse poppe krigen neamd Elin. Ynmiddels binne wy al in pear moanne fierder en wy binne tige benijd hoe as it giet.



Hoe is it mei dy?

It gjit hiel goed, harstikke moai dat we flink wat alderskapsferlof krije hjoed te dei. We hew in leuke kraamtiid hant.

Op 25 july hawwe jim lytse Elin krigen. Hoe giet it mei Elin en mem?

Mei Elin en mem gjit it ek hiel goed. Elin is hiel makkelijk, sliept goed en drinkt goed. Mem is ek wer goed hersteld.

Net tefolle lêst fan brutsen nachten?

Ik hew gjin lêst fan brútsen nachten, in selectief gehoor is der ideaal foar ik sliep der gewoan troch hinne.

Slagget it dy al om in ruft om te krijen?

Myn taak wie om de ruften te ferskjinjen, der doch we net moeilijk oer.

Kinne wy Elin fêst ynskriuwe by de SDS-froulju lykas har tante Agnes?

Dy kans sit der dik yn, alles better as hynder riiden



Hat sy al in SDS-sjaal fan pake Appie krigen of is it in Ajax-pyama wurden?

Pake Appie kaam mei in slúfke mei ynhâld, mar in Ajax-romper is seker yn hûs.

Wolst oars noch wat kwyt?

Forza SDS.

Mar noflik genietsje fan lytse Elin!

Wy hoopje Elin gauris mei mem oan de line by SDS te sjen.

(WW)

Persoanlik

| | |
|--|---|
| <p>Wy stelle jim graach foar oan:</p> <p>Brend Toering</p> |  |
| Namme | Brend Arjen |
| Berne | 8 maart 2014 |
| Yn Wommels, Easterein as.... | Wommels |
| Skoalle | Obs De Opslach yn Wommels |
| By SDS sûnt | 2020 |
| Team | Jongens ûnder de 10 jier (JO10-1) |
| Gjin fuotbal, dan... | Tennisse of keatse |
| Favorite klup Nederlân | SC Cambuur en PSV |
| Favorite klup bûtenlân | Manchester City |
| Beste trainer | Pep Guardiola |
| Beste fuotballer yn Nederlân | Johan Cruyff (op filmkes sjoen) |
| Beste fuotballer yn it bûtenlân | Haaland fan Manchester City |
| Favorite fuotballer SDS | Pieter Sijtsma |
| Beste keeper | Jaap Toering |
| Favorite posysje | Spits en keepe |
| Sterkste punt | Keepe en goals skoare |
| Swakste punt | Ferdigenje |
| Moaiste stadion | Bayern Munchen |
| Idoal | Haaland |

| | |
|--|---|
| <i>Hichtepunt</i> | Us grutste oerwinning mei 11-1 |
| <i>Djiptepunt</i> | Mei 0-10 ferlieze fan Easterlittens |
| <i>Moaiste goal</i> | De 'omhaal' tsjin Harns |
| <i>Skoudertriuw as tackel?</i> | Eins de tackel |
| <i>Boas om</i> | At se my sûnder reden ûnderút helje |
| <i>Flinters yn de búk fan</i> | Nei in wedstriid fan Cambuur |
| <i>Tillevysje</i> | Pokémon |
| <i>Muzyk</i> | Hardcore muzyk |
| <i>Lekkerste iten</i> | Patat |
| <i>Minst lekkere iten</i> | Sprútsjes |
| <i>Bakje patat of broadsje sún?</i> | Bakje patat |
| <i>Drinken</i> | AA-drink |
| <i>Spulkompjoeter of bûten boartsje</i> | Fyn ik allebeide leuk. Bûten nei it fuotbalfjild en ek nei de keatsmuorre. Faak mei heit |
| <i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i> | Mei in eigen 'dûnske' |
| <i>Kampioen Earedivyze 2023/2024</i> | PSV |
| <i>Cambuur of SC Heerenveen?</i> | Cambuur |
| <i>Moaiste sjurt</i> | Cambuur út 2023-2024 |
| <i>Lelijkste sjurt</i> | Heerenveen |
| <i>Fuotbalskuon</i> | Nike |
| <i>Rjochts of lofts?</i> | Rjochts |
| <i>Gers of keunstgers?</i> | Keunstgers want it reint in prottenyn Nederlân en dan wurdt it sa'n modderich |
| <i>At ik letter grut bin dan....</i> | Wol ik prof-fuotballer wurde |

In fruitmandsje bringe by Frank Bervoets

Frank Bervoets soe wakker by SDS 1 oanheakje, mar wy hawwe him dit seizoen noch net sjoen. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

Ik haw lêst fan PCS. Dit hâldt yn dat klachten fan in harsenskodding lang oanhâlde. Ik haw in soad pine yn de holle, bin wurch, kin lestich tsjin in soad gelûd en kin my lestich konsentrere.

Hoe is dat sa kommen?

Op 25 maart yn de wedstriid tsjin Makkum soe de tsjinstanner úthelje mei in folly. Hy rekke de bal wol aardich en ik sprong der foar. Ik krige de bal fol yn it gesicht. Nei in pear wiken (diels) thús sitten te hawwen bin ik wer oan it wurk gien en haw ik sa folle mooglik alles wer oppakt. Omdat ik dit te snel en te folle dien haw binne de klachten hieltiden wat slimmer wurden.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ik fernaam wol dat de bal hurd oankommen wie en ik wie der dêrnei ek net hielendal by. Mar doe't ik by de sydline stie gong it ek wol wer. Ik haw doe earst gewoan troch fuotballe, wat efterôf net moatten hie. Yn'e twadde helte waard ik dúzelich en krige ik wer in soad pine yn de holle. Doe fernaam ik wol dat it ferstanniger wie om der út te gean.

Hoe giet it mei it herstel?

Dat giet net hiel hurd. Ik bin trochferwezen nei de neuroloog en dy hat my trochferwezen foar in traject by de revalidatiearts. Fanôf ein oktober sil ik ek nei in ergotherapeut dy't my helpen giet om myn grinzen te herkennen om te sjen wat ik wol en net dwaan kin. Ik moat fierder in soad rêst hawwe en dêrom wurkje ik no ek mar seis oerkes yn'e wike. Ik hoop dat dit my helpen giet.

Bist ek foar dysels oan it trainen of kin dat helendal net?

Ik doch wol oefeningen om it herstel te beforderjen, mar sporte lukt op dit momint helaas net. Wol rin ik in soad om wol yn beweging te bliuwen.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Dat is hiel lestich te sizzen. Hjir stiet net sa as byfoarbyld een knibbelblessure in bepaalde hersteltiid foar. Ik hoopje sa snel mooglik, mar tink dat dit wol even duorje kin.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

Ik mis foaral it sosjale gedeelte. It is op it momint lestich om yn gruttere groepen te wêzen, omdat dizze prikkels lestich binne foar myn holle.

Frank, in protte betterskip tawinske! Wy hoopje dasto dy gau wer wat better fielt en dy gau wer op it fjild te sjen!

(WW)

SDS -Look-a-likes(39)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei [**DeTreffer@vv-sds.nl**](mailto:DeTreffer@vv-sds.nl)

Dizze kear mei tank oan Gert-Jan Hessels, Jeroen Brouwer en Margriet Rienstra.

Johan Postma as Davy Klaassen



Gearard van Asselt as Ali G:



Wybren Politiek as omke Martin Rienstra:



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wererom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns

Ut de âlde doaze

Yn 1973 (50 jier lyn) is der in oaljekrisis yn Nederlân. Wij krije minder oalje út it Midden-Easten, de priis fljocht omheech en it regear nimt maatregelen. Benzine giet op de bon. Dat hat gefolgen foar it sporten, want hoe komt it mei de útwedstriden. Dus freget de LC hoe't SDS der mei omgiet.

Nu de benzine op de bon komt staan vergoedingen in geld of natura echter in geen verhouding meer tot het opofferen van benzinebonnen. De beschikbaarstellers van auto's zullen vermoedelijk met hun dienstverlening wachten tot tijden met meer benzine. De sportverenigingen zullen zich moeten beraden op andere mogelijkheden. Fietsen, zoals vroeger, met het openbaar vervoer of zelf een bus huren. Een rondgang door de Friese voetbalwereld — het had net zo goed de wereld van een andere sport kunnen zijn — leverde de volgende reacties op.

SDS in Oosterend (Henn.) speelt met tien elftallen. De voorzitter is Marten L. de Boer, een oud-Oosterender en hij woont in Creil (NOP). Eenmaal per maand komt hij — afgezien dus van de wedstrijden — naar Oosterend voor een bestuursvergadering. Vice-voorzitter Jan Strikwerda, hoofd van de chr. school in het dorp, zegt: „Als SDS-ers hoeven wij niks te ondernemen. Dat heeft totaal geen zin. Als er wat moet gebeuren, dan zal dat landelijk moeten zijn. In het bestuur hebben we het er nog niet over gehad, maar de laatste vergadering dateert ook al van een week of drie geleden.”

Buurclubs

Secretaris Philippus Hingst: „Nu kun je natuurlijk wel gaan voetballen tegen clubs uit de omgeving, tegen elftallen, die hoger of lager geklasseerd zijn. Maar wat is er nou aan tegen een veel zwakkere of sterkere tegenstander te spelen. Bovendien: wij willen promoveren en daar hebben we met ons elftal kans op. Daar werk je voor. Er gaat veel voetbalplezier verloren als dat niet meer zou kunnen.”

Voorzitter De Boer belde de afgelopen week uit Creil al naar Oosterend: „It kin bêst wêze, dat ik hielendal net wer foar jimme fuotbalje kin.” Hij studeert theologie en heeft al zijn benzine nodig om de colleges te kunnen bijwonen. De Oosterenders zijn best bereid om naar de wedstrijden te fietsen. Voetballers zijn echt niet te lui om een fikse fietstocht te maken, maar de afstand kan natuurlijk niet te ver zijn. Naar Blauwhuis en Nijland en andere plaatsen lukt dat wel, maar men moet

ook naar Delfstrahuizen en Idskenhuisen, naar Hindeloopen en Oppenhuizen. En dan wordt het een stuk moeilijker.

Eigen bussen laten rijden zou niet alleen veel te duur zijn, maar ze zouden er ook veel te weinig zijn. Zo'n twintig-duizend voetballers staan er in het weekend op de Friese voetbalvelden. Misschien is het mogelijk, zo vinden de heren, dat via KNVB en FVB elke voetbalvereniging een hoeveelheid benzine krijgt per elftal. Maar ook dan zal het mondjesmaat zijn. En zou zo'n systeem niet te veel administratieve rompslomp geven? Vooral de jeugd, de pupillen, worden de dupe van de benzineschaarste, menen de Oosterenders.

Doelpunten

De fjouwer senioarenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 15 kear skoard. Wij hawwe gjin fergeliking makke mei it foarige seizoen, want doe wiene der fiif alvetallen, mar it sil grif sa wêze dat it oantal gâns minder is.

It wol net echt, kinne je wol sizze. Gjinn doelpunten, hast gjinn punten. Moai dat SDS 1 der dochs noch op stiet mei 1 doelpunt skoard yn de wedstriid tsjin Balk 1.



| | 1 | 2 | 3 | 4 | Totaal |
|---------------------|---|---|---|---|--------|
| Sije van der Schaar | | 1 | | 1 | 2 |
| Kees Sandstra | | | 2 | | 2 |
| Jeroen Wagenaar | | | | 1 | 1 |
| Jurjen Los | | 1 | | | 1 |
| Ronny Wagenaar | | | | 1 | 1 |
| Willem Wijnia | | | | 1 | 1 |
| Peter Hoogerwerf | 1 | | | | 1 |
| Halbe Willem Overal | | | 1 | | 1 |
| Wessel Schraa | | 1 | | | 1 |
| Ate Schaap | | | 1 | | 1 |
| Jens Hiemstra | | | | 1 | 1 |
| Dennis Dijkstra | | | | 1 | 1 |
| Rutger Sijbesma | | | 1 | | 1 |
| Totaal | 1 | 3 | 5 | 6 | 15 |

It moaie fan dizze list is dat er in soad nije nammen op stean. Wij wiene efkes benaud dat er nei sa'n 40 jier net in Sijbesma op stean soe (Roel, Robert, Peter) mar de folgjende generaasje nimt it krekt op tiid oer. SDS 4 hat mei help fan oare spilers op dit momint it faakst skoard.

Aginda

| Wannear? | Wat ? |
|--------------|--------------------------------------|
| 28-oktober | SDS 1 – QVC 1 |
| 3-novimber | SDS-manlju 7x7 spylje thús |
| 4-novimber | CVVO 1 – SDS 1 |
| 9-novimber | SDS-ledengearkomst fan ôf 20.30 oere |
| 11-novimber | SDS 1 – Workum 1 |
| 17-novimber | SDS-froulju 7x7 spylje thús |
| 18-novimber | DWP 1 – SDS 1 |
| 25-novimber | SDS 1 – IJVC 1 |
| 2-desimber | Nijland 1 – SDS 1 |
| 9-desimber | SDS 1 – sv Oosterwolde 1 |
| 16-desimber | SDS 2 foar de beker? |
| 6-jannewaris | SDS-nijjierssit |
| 3-febrewaris | SDS 1 – Heeg 1 |

S.D.S.

28 OKTOBER • AANVANG 15.00 UUR

SDS 1
-
QVC 1

3e KLASSE A KNVB
SPORTCOMPLEX "DE SKOALLESEIZE" EASTEREIN

HOOFDSPONSOR
grafische groep van der eems

WEDSTRIJDSPONSORS
VAN KRIMPEN
KBC BINNENSPUS DE BESTE



drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN